

Swol, 5 jannewaris 2015.

Goeie Tony,

Samar in bryfke út Swol wei. Ik hingje dat mar op oan twa Fryske revues dy't ik as foege jonge sjoen ha: tusken 'Wij boartsje hjir mar in hoartsje' en 'De tiid hâldt gjin skoft' yn. Revues fan Tetman en Jarich de Vries, dy't ik seach yn de feesttinte yn de Sândobbe yn Koudum.

Ik boarte mei it Frysk yn it begjin fan de jierren santich, doe't ik earst as tahearder bij dij en ek bij Henk Meijering kaam. In tahearder wie jim likefolle wurdich as in bijfakstudint (dat waard ik letter) en in haadfakstudint: jimme wurken like hurd foar harren allegear, en jimme skeakelen harren ek yn wêr't dat koe. Letter waard ik offisjeel bijfakstudint.

Koartlyn kaam ik te praat oer myn ûndersyk 'Frysk en orthodoxy' út 1973-1974; it ferslach lei al jierren bij Tresoar (foarhinne tink bij it FLMD) en in jiermannich lyn ha ik it materiaal dat der bij heart oanbean oan Bert Looper. Ik ha der in kreaze akte fan skinking foar krige.

Ik moast ek weromtinke oan it fjildûndersyk dasto mei guon studinten dien hast nei de útspraak fan de 'w' yn wurden as 'twade', 'boartsje' ensfh. It sil ek wol publisearre wêze yn de Meidielings? Mij tinkt dat wij dat ûndersyk dien hawwe yn de hjerst fan 1974, mooglik ek noch 1975. Wij dienen dat yn de Súdhoeke, op 'e grins fan klaeifrysk, súdhoeks en wâldfrysk. Wij rieden mei inkelde auto's troch doarpen en fregen dan it

paad oan 'autochtoanen' (wij fregen der sa nei: 'binne jo hjir bekend?'). Wij hienen it sa taret dat it antwurd wêze moast 'dat is de twade wei rjochts' of 'de skoalle fine jo dêr'. Wij sieten mei syn trijen yn 'e auto; de sjefeur frege it paad en de oare twa skreaunen de útspraak fan de 'w' op. Mei syn beiden, om ûndúdlike antwurden der út skifte te kinnen. Ik wie ien fan de sjefeurs, en wij rieden mei ús heit syn Rambler Renault (sjoch de foto; allinnich it dak fan ús auto wie swart). It wie in moaie tiid, kolleezjes op 10A-19 en 10A-21 fan it Haadgebou fan de Frije Universiteit. Ik kom sa út en troch yn Amsterdam, en ik kin it dan net litte om earst op de 15e ferdjipping fan it Haadgebou út te sjen nei alle wynstreken (de stêd oer, de Hoogovens, Skiphol en de Amstel), dêrneisakje ik nei de 10e ferdjipping. Op dy ferdjipping siet yn de sawntiger jierren Perf. Dr. B. Siertsema, ik mien algemiene taalwittenskipster en dekaan fan de Letterenfakulteit. Letter siet har muoikesizzer dr. Bettine Siertsema der! De lêste kear dat ik der wie, wie begjin novimber 2014. Spitigernôch kin men út de lift wei net mear de ferdjipping op sûnder in paske; allinnich de greate kolleezjesealen sa as 10A00 binne frij te berikken.

Sûnt myn stúdzejierren binne wij krap 40 jier fjirder. As it heal kin ferbrek ik mij net, ek net bij de provinsje Oerisel dêr't ik yn maart al wer 35 jier wurkje. Der binne mear Friezen bij de provinsje, en mei guon kollega's bûten Swol skriuw ik ek yn it Frysk. As der bij Deputearre Steaten fan Fryslân in Fryske brief út Oerisel komt, fine se dat altiten aardich.

Ik bin net yn it iepenbier bestjoer yn Fryslân bedarre (myn neef Lolke Tj. Folkertsma hat dat wol dien, as FNP-er yn de Steaten, en letter bij Omrop Fryslân en yn it Wetterskipsbestjoer; hij is de ferneamste Folkertsma yn it

Heitelân...). Ik bin Lolke G. (Gerrits) Folkertsma, en ik bin in bytsje ferneamd yn Oerisel, ek al bin ik dan gjin pommerant wurden. De lêste acht jier bin ik provinsjaal argyfynspekteur, en ek noch provinsejargivaris. Dat foldocht mij noch tige goed, en ik hoopje noch inkele jierren oan it wurk te bliuwen.

Sa't ik niis al sei: de tiid hâldt gjin skoft. Bij dij en bij Henk Meijering siet ik 'yn de kolleezjebank' mei bygelyks Teake Oppewal, Rommert Steenbeek, Kees van der Kooi en ek Durk Gorter. Inkelden fan har fertsjinje harren brea mei taal, mar leafde foar de memmetaal ha wij allegearre.

Tige de groetnis,

